

Frysk & Frij yn in oar perspektyf

IT KOMT net sa faak foar dat in deputearre har belied yn 'e krante ferdigenet, ear't de Steaten har dêr noch oer útsprutsen hawwe. It útstel fan Deputearre Steaten om yngeande 1989 it iennichste Frysktalige wykblêd Frysk & Frij net langer te subsidiearjen, is sa bot yn striid mei it provinsjale taalbelied, dat de ferantwurdlike deputearre alle war docht om dat belied fan DS te ferdigenjen.

Te gast

mr. lieuwe h. bouma,
foarsitter fan it bestjoer fan 'e stifting „jacobus van loon”

Hja neamt Frysk & Frij „inkeld in râneferskynsel”. Soks jildt foar mear as Frysk & Frij allinne. Is it hiele Frysk net in râneferskynsel yn 'e wrâld (lykas ek it Hollânsk nammers)? En is it provinsjale belied oangecand it Frysk net krekt bedoeld om de eigen taal dochs in plak ûnder de sinne te gunnen? Ik behein my no fierder ta saaklike ynformaasje oangeande it belied fan Frysk & Frij, dat foar in goed begryp fan 'e sitewaasje needsaaklik is. Elkenien kin dêr dan syn of har eigen konklúzje út lûke.

De deputearre seit dat „de redaksjonele tradysje”, dy't Tony Feitsma mei rjocht en reden neamt yn har Te Gast yn 'e Ljouwerter Krante fan 15 jannewaris 1988, net bestiet. Mar dy hat troch de jierren hinne dúdlik oanwêzich west. It redaksjonele belied wie, koartsein, rjochte op ferdivedearjende en foarljochtsjende stikken foar in sa breed mooglik publyk.

Frysk & Frij is alhielendal net „fierhinne ôfhinklik . . . fan wat frijwilligers oan kopij ynleverje” as doeld wurdt op de ûnderwerpen dy't oan 'e oarder komme. De redaksje freget de meiwurkers om oer beskate ûnderwerpen te skriuwen, dat heart by it redaksjonele belied. Fierders wurde fansels yn oerlis mei de skriuwendende meiwurkers, beskate ûnderwerpen útsocht. „As dy bydragen in ûnthjit yn hâlde foar de takomst, kinne dy frijwilligers har wurk rillegau tsjin betelling earne oars kwyt”, stelt de deputearre fêst. Mar dat is no ek al it gefal, it is in bewuste kar fan dy meiwurkers dat hja har kopij krekt oan Frysk & Frij leverje. Soks hat mei idéalisme te krijen.

DE YNSET fan 'e frijwilligers hat yn it bestean fan Frysk & Frij bliken dien net in behindering foar de kontinuïteit te wêzen. Kontinuïteit is der by Frysk & Frij ûnder oaren yn 'e sin dat de redaksjonele formule al jierren deselde basis hat, mar dy basis is sûnt 1987 wol drastysk ferbrede troch mear ferskaat en opiniearjende stikken.

Wy hawwe der hiel wat oan dien om it blêd ûnder de minsken te bringen. Dochsgiet it dêr net allinne om, minsken oan it Frysk lêzen te krijen, mar ek te hâlden. De praktyk hat útwiisd dat lang net elkenien njonken syn deiblêd noch in wykblêd lêze wol. Dat is net allinne yn Fryslân sa.

It is net sa dat fanwegen de ûnderfining mei it praten mei it bestjoer fan 'e Stifting Jacobus van Loon, de beide deiblêden net fan oernimmen fan Frysk & Frij witte woenen, lykas suggerearre wurdt. Dat kaam omdat neffens it rapport-Ligthart, op-

steld yn opdracht fan 'e Provinsje, sa'n blêd nei trije jier op hast in miljoen kaam, by in permanent tekoart fan grau twa ton it jier.

De deputearre seit dat it by Frysk & Frij net inkeld idéalisme is. It bestjoer soe handich gebrûk makke hawwe fan de gaten yn de provinsjale subysydjeregelingen. Dat is net wier. Der is allinne - út suver idéële motiven - gebrûk makke fan de subysydjeregeling foar Fryske tydskriften, neidat DS sels Frysk & Frij dêr nei ferwiisd hie. De Provinsje hat dêr letter in ein oan makke, om't dy regeling in rjocht op subysydje joech mei op grûn fan it tal siden. Dat waard de provinsje te djoer, doe't Frysk & Frij yn omfang tanaam.

Yn 1982 hawwe de Steaten it subysydje foar Frysk & Frij werombrocht fan f 226.700,- nei f 150.000,- jiers en dêrby in tal tsjinstridige subysydjebetingsten steld: it tal abonnees moast omheech, wylst it abonnemintsjild mear as ferdûbele wurde moast. Wy hawwe der doe al op wiisd dat dy twa easken slim te ferienigen wêze soene. De administraasje moast yn 'e kompjûter, sûnder dat wy der sels ferlet fan hiene.

De deputearre skriuwt dat it tal nummers en it tal siden ek omheech moasten. Dat is sa net. De easken dy't dêroan steld waarden, wiene leger as wêr't al oan foldien waard. It tal nummers en it tal siden hie fan 'e Provinsje dus wol leger mocht (tolve siden), mar dan wie it fansels alhielendal ûnmooglik om dêr in heger lêsjild foar te freegjen en te ferwachtsjen dat dan ek it tal abonnees noch tanimme soe.

Yn 1985 hat it bestjoer fan de Stifting Jacobus van Loon in peartear mei deputearre Mulder hân, dy't doe sels mei it útstel kaam om de betingsten fan 1983 oan te passen, om't yn dy tiid fan besuniging it lêsjild net noch mear ferhege wurde koe en it útwreidzjen fan it tal abonnees yn dy tiid fan ekonomyske resesje ek by Frysk & Frij stûke. Ofpraat waard dat it lêsjild op f 39,- bliuwe koe oant en mei 1988 en dat it tal fêste beteljende abonnees 5000 of mear wêze moast. As it tal lêzers ûnder de 5000 komme soe, soe it subysydje navenant koarte wurde. It subysydje fan f 150.000,- soe tenei jûn wurde as in „lump sum”, dy't ek oanpast wurde soe oan de trend.

Op dy ôfspraak is Deputearre Steaten it folgjende jier iensdich werom kommen, yn in brief fan 12 juny 1986. DS dielden doe mei dat hja gjin útstel oan de Steaten dwaan soene om de betingsten fan 1983 oan te passen. Dy ôfspraak is noait oan de Steaten trochjûn, wylst dy troch it bestjoer ûnderwilens rjochtline foar it belied wurden wie. It lêsjild bleau yn 1986 f 39,- en it bestjoer seach nettsjinsteande it boppeneamde brief ek gjin mooglikheid om it lêsjild foar 1987 te ferheegjen. Om op dat punt dochs oan de eask fan de provinsje te foldwaan is it lêsjild foar 1988 dochs fêststeld op f 49,-. It bestjoer doarst dat doe wol oan om't it blêd ûnderwilens yn kwaliteit en omfang tannommen wie.

Deputearre Steaten hawwe no ynienen folle mear dien as allinne mar regels tapasse. Yn 1983 hawwe de Steaten besletten ûnder de boppeneamde betingsten it subysydje foar de jierren nei 1983 fêst te stellen op f 150.000,-. Yn 1987 soene de neamde subysydjebetingsten hifke wurde. Dat hifkjen is lykwols nea bard. It no sûnder mear ophâlden mei subsidiearjen kin al slim it tapassen fan regels neamd wurde.